

Men kin jin oan in  
smoarge peal  
net skjinwriuwe

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## Fleantúch

Mei ien ûnderdiel kin Peter Karel út Easterlittens soms wol de hiele dei dwaande wêze

pagina 5>



## Ferkiezings

De opkomst yn de doarpen yn Littenseradiel wie heger dan yn de oare gemeenten

pagina 7>



## Mienskip

Stifting Mei-inoar Spannum belûkt skoalbern út it doarp by it opknappen fan it bosk

pagina 19>

'It is moai, it wie moai en it bliuwt moai'

## Mei Greidehert krijt Littenseradiel in fleurich ôfskie

*Weidum* - Absolút net yn mineur. Fleurich op. It ôfskie fan Littenseradiel is net in begraffenis. De gemeente hat safolle te bieden, dat de moaie wurdich is. En dat bliuwt. Mei de muzykfilm Greidehert wolle Wybo Smids en Tjerk Kooistra in ôfskiedssalút jaan. „It wie moai, it is moai en it bliuwt moai”, sizze de twa teatermannen út Weidum. „Wy fiere dat Littenseradiel libbet.”

Troch Hinne Bokma

Greidehert is is muzikale filmfoarstelling en lit sjen hoe't Littenseradiel der op it stuit foar stiet. It is it griene hert fan de Greidhoeke. Dat jout by in protte minsken in goed gefoel en dat wolle Wybo en Tjerk fertelle. „De gemeente is noch moaier dan as wy tochten”, seit Tjerk.

### Dwersstrochsnee

Der is filme yn alle 29 doarpen. Der komme yn de foarstelling 29 ynwenners foarby. „Dy jouwe in moaie dwersstrochsnee fan de befolking.” Al dy minsken sjogge mei in inzichtkaart yn de kamera. Littenseradiel is sa folle mear dan dy 29 prachtige doarpen, fine



Wybo Smids (links) en Tjerk Kooistra: 'De gemeente is noch folle moaier dan as wy tochten'.

Wybo en Tjerk. Se wolle de natoer en al dy prachtige fiergesichten sjen litte. Ek al dy sportive en kulturele eveneminten, dê't Littenseradiel

sa om bekend stiet, komme foarby. „Wy ha socht nei al dy moaie plakjes en mominten om sa Littenseradiel in gesicht jaan. Wy wolle

fiere dat Littenseradiel libbet en dat feroaret net. It measte bliuwt.” It giet om een filmfoarstelling fan in oere. Al oardeljier binne se

der mei dwaande. Moaie bylden binne der makke, ûnder oaren mei in drone. Der is muzyk en sang. Wybo Smids, Doete Steekes en Anke Boersma sjonge ferskes fan Piter Wilkens, Syb van der Ploeg en Sytse Haima. Foar spektakel soarget it muzykkorps, dat live by de foarstelling spilet. It korps, ûnder lieding fan Jorrit Laverman út Weidum, bestiet út sa'n fyftich muzikanten. „De basis is Wilhelmina út Easterein, oanfald mei muzikanten fan de oare korpsen yn Littenseradiel”, sa jout Wybo oan.

### Untroering

Yn de film sitte mominten fan ûntroering, dy't de minsken pakke. Foaral de kombinaasje fan muzyk en bylden sil yndruk meitsje, ferwachtsje de inisjatyfnimmers. Der wurdt gebrûk makke fan in filmskerm fan tsien meter breed en trije meter heech. De earste (besletten) foarstelling is op 7 desimber, in dei letter is de VIP-premjêre en op 9 desimber is de earste publyksfoarstelling. „Eins ha we trije premjêres”, sizze Wybo en Tjerk. Oare spyldata binne op 10, 15 en 16 desimber. Alle foarstellings binne útferkocht.

**Timmer- & Aannemersbedrijf**  
**van Ruiten**  
OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Al 20 jaar uw  
haar onze zorg

It Kappershûs

www.kappershuis.nl

skilder nedich  
www.skilder.nl  
06 - 53360461

## Ofskie Senioren Platform Littenseradiel



Mei in feestlik optreden fan Hindrik van der Meer yn de Wjukken yn Mantgum is der in ein kommen oan it bestean fan it Senioren Platform Littenseradiel (SPL). Mei it ferdwinen fan de gemeente Littenseradiel wurdt ek it platform opdûkt. Van der Meer hie foar dizze gelegenheid ûnder de titel 'Juwieltsjes fan en oer Littenseradiel' in spesjaal programma gearstald. Mei doarpslieten, gedichten fan bygelyks Tiny Mulder (Jellum), Pieter Boersma (Wiuwert) en lietsjes fan Pyt Idzinga (Iens) en Hessel van der Wal (Kûbaard) kaam de rike kulturele histoearke fan Littenseradiel op it aljemint. Fansels kamen de kulturele juwieltsjes, lykas de iepenloftspullen, it Sinteklazemearke, de Spulwike en de Keunstrûte Littenseradiel ek oan 'e oarder. Yn de folgjende krante mear oer it ferdwinen fan it Senioren Platform Littenseradiel.

Foto: Hinne Bokma

Menu

Wij hebben een nieuwe menukaart!

Graag tot ziens om al deze nieuwe gerechten te komen proeven en ervaren!



0515 331 290

info@noflikeasterein.nl

Noflike